

Te Deum

Hear, wy loovje en oanbidde Jo,
tank oan Jo, Heit foar ivich.
It ingelekoar wurdt
net warch om te roppen:
Hillich, hillich, hillich binn' Jo, HEAR
fan de himelske legers.
Ja, himel en ierde
binn' fol fan jo gruttens.

Troch profeten en apostels wurdt
foar Jo song yn 'e himel.
En martelers sjonge
in liet fan ferlossing.
Hiel de tsjerke boppe sjongt foar Jo
mei de tsjerke hjirûnder,
foar Jo, Heit en Soan en
de hillige Treaster.

Kristus, earekening, Jo binn' wier
Heite Soan foar altiten,
net bang en wurdt Soan
fan in faam foar ús rêding.
Jo ha wûn fan sûnde en fan dea
en de himel gie iepen.
Jo troanje yn gloarje
en komme as rjochter.

Kristus, kom jo tsjinnens no te help,
troch jo bloed binn' wy hillich.
Behoedzje jo erfskip
en draach jo gemeente.
Alle ear en gloarje komt Jo ta
oant yn lingte fan dagen.
Wol noait ús beskamje,
ûntfermje jo. Amen.

tekst Ria Borkent – 'Heer, wij loven en aanbidden U (Te Deum)
oersetting David de Jong